



Taal yn 'e soarch – Magazine

Us nije magazine 'Taal yn 'e soarch' foar professionals yn 'e geastlike sûnenssoarch is út. It magazine giet oer it belang fan it prate kinnen fan de memmetaal yn soarchsituasjes.

It praten fan dyn eigen taal yn 'e soarch is in krêftich ynstrumint en sels bepalend foar it wolwêzen fan minsken dy't soarch nedich hawwe. It hat nammentlik in grutte ynfloed op de mjitte wêryn't ien him fertroud, thús en op syn gemak fielt. Ek makket it de ôfstân tusken minsken lytser. As professional yn 'e soarch kinst bewust de eigen taal ynsette, dat leveret foardiel op yn it kontakt mei pasjinten/kliïnten. Mear ynformaasje en it magazine sels binne te finen op friesindezorg.frl.

Fertel ris, wat fielst? – Praatkaarten

Praatkaarten dy't helpe by it neitinken, fielen en ferwurdzjen fan emoasjes yn it Frysk én Nederlânsk. Oan oaren fertelle hoe'tst dy fielst, is al dreech genôch. Noch dreger is it om der allinne mei om te pankoekjen. It dielen fan dyn gefoel kin alles wat lichter meitsje. Dizze kaarten kinne dy helpe om wurden oan dyn gefoel te jaan.

Professionals yn de geastlike sûnenssoarch kinne fergees in set kaarten bestelle. Stjoer dyn fersyk nei: friesindezorg@afuk.frl. Mei it projekt *Frysk yn 'e soarch* stimulearret de Afûk it brûken fan de eigen taal yn soarchsituasjes.



Nije ynteraktive sykplaat mei Keimpe de Krokodil!

IVN natuureducatie en de Afûk hawwe in nije ynteraktive sykplaat ûntwikkele, dy't giet oer 'Greide en boulân'. Yn dy sykplaat komme in soad fûgels foar, lykas de Ijurk en de skries, en ek wurden lykas 'aaisykje' en 'neisoarch' komme oan bod. Mei de ynteraktive sykplaat wolle IVN en de Afûk bern bewust meitsje fan al it libben yn de greiden en boulannen fan Fryslân. 'It is dochs te gek dat bern wol witte watfoar bisten der yn de jungle yn Afrika libje, mar net de fûgels yn harren eigen omjouwing kenne?' seit Pyke Kroes fan IVN. Mei de sykplaat wolle wy dêr op in boartlike wize feroaring yn bringe.

thús en op skoalle. Hy helpt by it Frysk lêzen en it fergrutsjen fan de Fryske wurdskat. Der binne al 35 ynteraktive sykplaten mei Keimpe oer alderhande tema's. Yn de sykplaat geane de bern op syk nei ôfbyldingen by 20 Fryske wurden en fansels hat Keimpe de Krokodil him ek ferstoppe yn de plaat. Alle sykplaten binne te finen yn de me-toade Spoar 8 en in oantal stiet op www.keimpe.frl. Keimpe hat ek syn eigen sykboek 'Wêr is Keimpe?', wêryn't bern yn trije talen de ôfbyldingen by de wurden sykje kinne.

De nijste ynteraktive sykplaat 'Greide en boulân' is te finen yn Spoar 8 en op www.keimpe.frl. Ast de sykplaat klear hast: alle-gearre nei bûten!

Bern fan 4 oant en mei 8 jier kenne Keimpe de Krokodil mis-kien al. Keimpe de Krokodil stiet foar lêspromoasje yn it Frysk,

In oade oan it bosk

In kuierjend Bosk bestiet echt! Lês de nijste útjefte *Ik wol in bosk op 'e jierdei / Ik wil een bos voor mijn verjaardag* fan Linda de Haan mar. It is krekt ferskynd, sawol yn it Frysk as yn it Nederlânsk. Linda is yllustrator en skriuwer en liet har ynspirearre troch it projekt Bosk fan Arcadia; yn de simmer fan 2022 kuieren mear as tûzen beammen troch de Ljouwerter binnenstêd.

'No't ik mei it boek op basisskoallen kom, fernim ik dat hast alle bern wol in beam witte te stean dêr't se wat mei hawwe. Se gean fuort "oan" as ik oer it bosk begjin.' Dat fernuveret Linda net, en bewust-meitsjen is ek ien fan har missys mei it boek. Linda: 'Fansels kinst dit boek lêze as in fleurich "grien" ferhaal oer in famke dat in beam op 'e jierdei freget, mar stikem hoopje ik dat ik foarlêzers en bern oantrúnje om nei bûten te gean, te boartsjen mei



Foto: Hippe Kiek Fotografie

skaad, of in jierdeifeestje yn it bosk te fieren. It is in oade oan de beam en de natuer.'

Mear lêze? Sjoch op heitemem.nl foar it hiele ynterview mei Linda de Haan.

Oant sjen yn ús winkel

ADRES
Boterhoek 3
Ljouwert
(058) 234 30 70

IEPENINGSTIDEN
Tiisdei o/m freed
10.00 - 17.00 oere

yfno@afuk.frl
www.afuk.frl

/stichtingafuk
 /StichtingAfuk

Sneon 6 april
Genealogyske
Kontaktdei
De Afûk-winkel
is iepen!



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op websjop.afuk.frl of scan de QR-koade.

Boeketip 5



1 It libben fan Fimme Lap
Piter Boersma
€ 25,-

It libben fan Fimme Lap is Piter Boersma syn tolfde proaza-wurk. Dêrnêst publisearre er tsien dichtbondels.



2 Ik wil een bos voor mijn verjaardag
Linda de Haan
€ 16,99

In fleurich printeboek oer dreamen dy't útkomme en de magy fan beammen.



3 Winterwetter
Lex Paleaux
€ 19,90

Lex Paleaux nimt de lêzer mei op syn reis troch it jonge libben fan de haadpersoan. *Winterwetter* is syn romandebút.



4 Gozert
Pieter Koolwijk
€ 16,99

Ties hat in probleem. Teminsten... dat fine de measte minsken. Ties fynt dat net: hy hat in ûnsichtbere freon. Gozert. De bêste, leukste, stoerste, coolste freon dy'tst dy foarstelle kinst.



5 'Alsof ik Cicero zelf was'
Kees Kuiken
€ 22,50

De auteur lit sjen dat de Ljouwerter gymnasiasten en har foargongers gjin saae boekewjirms wiene mar just hieldyd meibeweeden mei maatskiplike feroaringen.